



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. Se folgje Jezus op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus.

De dochter fan Jairo

Lukas 8,40-56

Sara en Simon wiene al betiid wakker. Heit en mem sliepten noch. De sabbat wie altyd oars as de oare dagen. Mem neamde de sabbat de dei fan leafde. Heit sei altyd: it is de dei fan rêst. En Daniël hat it oer in frije dei.

“Witsto hoe’t pake de sabbat neamt?”, frege Sara.

Simon skodholle... “Kom mei! We freegje it oan him.”

Sara en Simon rûnen nei bûten ta. Pake siet tsjin ’e beam oan. Hy wie ek betiid wakker.

“Pake,” frege Sara, “wêrom is de sabbat in bysûndere dei?” Se gie njonken pake yn it gers sitten.

Pake moast laitsje en sei: “Omdat ik by jim bin! Sabbat is de dei fan freugde!”

“Ja, hiel gewoan,” sei Simon, “pake fertelt op sabbat altyd ferhalen. Dêr wurdt ik bliid fan.”

Sara tocht hiel djip nei en sei: “Ik neam sabbat de dei fan de ferhalen.”

“Dy hâlde wy deryn!”, sei pake. “Dan sil ik jim noch in ferhaal fertelle...”

Jairo wie de baas fan de synagoge yn Galileä. In belangryk man dus. Hy hie mar ien dochter. Elkenien koe har en wist dat se slim siik wie.

Jairo stapte de synagoge op en del. Hy hie it krap, want hy tocht: anst moat ik myn dochter misse.

Immen kaam nei him ta en sei: “Hast it al heard, Jairo? Jezus is werom yn Galileä!”

Hearde Jairo it wol goed? Wie Jezus werom? Hy rûn sa hurd as er koe nei bûten ta. It wie drok yn de nauwe strjitsjes. Hy krong tusken de minsken troch. Ja, ferdraaid, dêr stie Jezus!

Jairus stapte daliks op Him ta, foel op 'e knibbels en smeke: "Asjebileaft, kom earst mei nei ús hûs ta."

De minsken dy't om Jezus hinne stiene, begriepen hiel goed dat Jairus hastich wie.

"Foardat it te let is, Hear! Ik haw mar ien dochter."

Mar it wie sa drok. Hoe moasten se hjir trochhinne komme?

Tusken al dy minsken stie ek in sike frou. Se wie hieltyd sa wurch. Gjinn dokter koe har better meitsje. Al har jild hie se útjûn oan medisinen en neat holp. Dêrom wie se hjirhinne kommen.

Se stie efter Jezus. Soe se it dwaan? Hiel efkes rekke se de seame fan syn mantel oan. Hy seach it dochs net. Op itselde stuit fielde se in krêft troch har hinne streamen en fielde se har sterk wurden.

Jezus draaide Him om en sei: "Wa hat my niiskrekt oanrekke?"

Petrus dy't flak by Jezus stie, sei: "Och, hoe kinne Jo soks no freegje? Der binne in hiel soad minsken dy't Jo oanreitsje."

"Nee," skodholle Jezus, "dat bedoel ik net. Ik fielde dat der krêft út my weistreamde."

De frou skrok. Se trille oer de hiele lea. Hie Jezus it dan dochs field? No moast se wol sizze dat sy it west hie.

Se foel op 'e knibbels en fertelde: "Ik wie hieltyd sa wurch. Gjinn dokter koe my helpe, mar doe't ik Jo oanrekke, fielde ik my wer sterk wurden."

Elkenien koe it hearre!

Jezus seach hoe bliid oft de frou wie. Hy sei: "Omdatst leaust, bist better wurden."

Tusken al dy minsken stie noch hieltyd Jairus. Soe Jezus him fergetten wêze?

Dêr wie it al sa! Der kaam in feint nei Jairus ta en flústere: "It is al te let. Jo dochter is al ferstoarn."

Jezus hearde wat de feint sei. Hy bleau rêstich en sei: "Nee, se slipt! Leau my mar, Jairus." Tsjin de minsken dy't om harren hinne stiene, sei Jezus: "Oan 'e kant allegear! Ik gean mei Jairus."

Doe't se by it hûs fan Jairus oankamen, sei Jezus: "Ik wol dat allinne Petrus, Johannes en Jakobus mei my yn 'e hûs geane... En de heit en de mem fansels ek. Alle oare minsken moatte bûtendoar stean bliuwe."

Yn 'e hûs waard bot gûld.

"Hâld dochs op!", sei Jezus. "It famke is net dea. Se slipt allinne mar."

Troch de triennen hinne begûnen de minsken te spytgnyskjen. Se koene it net leuwe. Sliepe? Nee, dea is dea!

Mar Jezus stapte op it bêd ta, pakte it famke by de hân en rôp: "Famke, ik wol datsto oerein komst!"

It bleau stil. Elkenien hold de siken yn... Mar doe, it famke die de eagen iepen en gie sitten.

"Jou har wat iten", sei Jezus. "Se sil wol honger ha."

No koe elkenien it sjen. It famke libbe!

Sara suchte: "In moai ferhaal, pake!"

"Ik woe dat it altyd sa gie as immen siik is", sei Simon.

Pake knikte en sei: "Dat soe ik ek wol graach wolle."

"Giet it ferhaal ek noch fierder?", frege Sara. "Wat docht dat famke no't se better is?"

Pake antwurde: "Dêr haw ik neat oer heard. Mar wy kinne it ferhaal wol fierder fertelle.
Besykje it mar..."